

Provinsjale Steaten fan de Provinsje Fryslân
t.o.f. de hear S. Posthumus
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 8 oktober 2013
Ferstjoerd, 11 OKT. 2013

Ús merkteken : 01082641
Ôfdieling : Kultuer en Mienskip
Opsteld troch : J. Admiraal / (06) 20 88 56 33 of j.admiraal@fryslan.nl
Jo merkteken : 01080342
Taheakke(n) : Steatebrede moasje fan 19 desimber 2012

Ûnderwerp : Beântwurding skriftlike fragen oer brief fan Nasjonale Publike Omrop
oan steatssiktaris oer oername regionale omroppen

Achte hear Posthumus,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkaam op 20 septimber
2013, beântwurdzje wy as folget.

Fraach 1:

*Kin it Kolleezje fan DS de berjochten befêstigje dat de nasjonale publike Omrop (NPO) alle
regionale omroppen oernimme wol?¹*

Antwurd fraach 1:

Ut mediaberjochten hawwe wy fernaam dat de NPO foarstanner is fan in fiergeande
yntegraasje fan lanlike en regionale omroppen ta ien publike mediatsjinst. De NPO hat
lykwols net it foech om dêroer te besluten, dat beslút is foarbehâlden oan de Twadde
Keamer op foarstel fan it regear.

Fraach 2:

*Is it krekt dat der in útstel fan dy strekking troch de Steatssiktaris oan de Twadde Keamer
foarlein wurde sil?*

¹ RTV-Noord, 20 sept 2013

Antwurd fraach 2:

De steatssiktaris hat fjouwer modellen formulearre foar de yntegraasje en gearwurking fan regionale en lanlike media. Dy modellen fariearje yn de mjitte fan yntegraasje en gearwurking. De steatssiktaris wol yn oerlis mei de NPO, de Stichting ROOS (Regionale Omroep Overleg en Samenwerking), de regionale omroppen, de provinsjes en it IPO komme ta ien model en dat yn detail útwurkje litte. De steatssiktaris wol nei dy oerlizzen yn it foarjier fan 2014 komme mei in yntegrale beliedsreaksje nei de Twadde Keamer mei foarstellen oer it folsleine mediabestel. Dêr jout de steatssiktaris ek yn oan hokker model oan de Twadde Keamer foarlein wurdt.

Fraach 3:

Is it Kolleezje it mei ús iens dat in oername troch de NPO yn Hilversum in ramp betsjutte soe foar Omrop Fryslân as iennichste Frysktalige publike stjoerder en ek foar de Omrop as hoekstien fan it eigen Fryske taalbelied fan de provinsje?

Antwurd fraach 3:

Fan in oername troch de NPO is op dit stuit gjin sprake.

Wy hâlde de steatssiktaris ûnferkoarte oan syn tasizzing oan de Twadde Keamer, ntl. dat hy rekken hâlde sil mei de oannommen moasje Heerma, it advys fan de Kommisje Hoekstra en de ôfspraken oer it Frysk yn de media tusken it Ryk en de provinsje Fryslân, sa't dy dellein binne yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) 2013-2018.

Fraach 4:

Is it Kolleezje it mei ús iens dat de NPO en de Steatssiktaris dit net dwaan kinne fanwege de spesjale posysje fan Omrop Fryslân sa't dy yn it Europeesk Hânfêst, de wet en bestjoersôfspraken mei it Ryk noch mar koartlyn op'e nij fêstlein en befêstige is?

Antwurd fraach 4:

Sjoch andert op fraach 3.

Fraach 5:

It liket de FNP nedich om hjir as Fryslân fûleindich tsjin yn te gean; wat docht it Kolleezje ditoangeande?

Antwurd fraach 5:

Lykas oanjûn by it andert fan fraach 2, is der de kommende tiid wis gelegenheid om it stânpunt fan Fryslân oer de regionale omrop by de steatssiktaris oan te jaan. Dat sille wy as Fryslân yn alle gefallen selsstannich dwaan; it IPO is ferdield oer de regionale omrop. Wy sette ús al earder ynsetten eigen lobbytrajekt rjochting de Twadde Keamer troch. Dat lobbytrajekt by de Twadde Keamer hat laat ta boppeneamde tasizzing fan de steatssiktaris. Ek amtlik hawwe wy geregeldwei kontakt mei it ministearje oer de wize fan boarging fan de bysûndere posysje fan de Fryske regionale omrop yn it mediabestel.

Fraach 6:

Mochten de berjochten wier wêze, wolle jo dan sa gau mooglik de Steaten byprate sadat PS hjir in stânpunt oer ynnimme kinne?

Antwurd fraach 6:


Provinsjale Steaten hawwe harren stânpunt dúdlik ferwurde yn de Steatebrede moasje fan 19 desimber 2012. Dy moasje is de basis fan ús hanneljen.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



mr. drs. J.A. de Vries, Joko-foarsitter



drs. A.J. van den Berg, sekretaris

H.M. van Gils, loco-sekretaris

In te vullen door de griffier

Motie nr.	1
Paraaf	
Agendapunt	Motie vreemd

MOTIE, ex Artikel 29 Reglement van Orde

Statenvergadering	19 december 2012
Agendapunt	Omrop Fryslân (motie vreemd aan de orde van de dag)

De Staten, in vergadering bijeen op woensdag 19 december 2012,

Overwegende dat

- De Nederlandse Staat zich op Europees niveau (1) verplicht heeft te zorgen voor een zelfstandige Friestalige radio- en TV zender, met als doel het behouden en bevorderen van de Friese taal door de media;
- Rijk en Provincie Fryslân in bestuursafspraken en uitvoeringsconvenanten hebben vastgelegd te willen streven naar een complete en brede programmering en dat er een geormerkte financiering voor de Omrop bestaat (2);
- De Omrop één van de meest wezenlijke pijlers is van het beleid van Rijk en Provincie voor behoud en ontwikkeling van de Friese taal en cultuur;
- De kabinetsplannen een zware aanslag vormen op het voortbestaan van een zelfstandige Friestalige radio- en TV zender met een complete en brede programmering;
- Het doorzetten van de kabinetsplannen er naar het zich laat aanzien toe zal leiden dat het onderscheidende profiel van de Omrop als enige Friestalige publieke zender verloren zal gaan;

Spreken uit

1. Dat Omrop Fryslân bij het uitwerken van de kabinetsplannen voor een nieuw mediabestel een onafhankelijke zelfstandige positie moet behouden als enige publieke zender in de Tweede Rijkstaat;
2. De bestuursafspraken over de financiering van Omrop Fryslân moeten worden nagekomen om een complete en brede programmering in de Tweede Rijkstaat te kunnen realiseren;

Verzoeken het College van GS

1. Deze motie met bijlage en vertaling nadrukkelijk onder de aandacht te brengen van de Regering, de Eerste en Tweede Kamer, de ROOS en het IPO.

2. Al het mogelijke te doen om de speciale status en financiering van Omrop Fryslân te behouden en de Staten in kennis te stellen van de resultaten;

en gaan over tot de orde van de dag

Indiender(s)	(fractie / naam / handtekening)
	<i>FNP</i>
	<i>PvdA</i>
	<i>CDA</i>
	<i>VVD</i>
	<i>PVV</i>
	<i>SP</i>
	<i>ChristenUnie</i>
	<i>GrienLinks</i>
	<i>D66</i>
	<i>Friese Koers</i>

(1) *Europees Handvest voor streektalen of talen van minderheden en Kaderverdrag inzake de bescherming van nationale minderheden.*

(2) *Bijlage: Brief 12 december 2011 van minister Donner*